



Nijsbrief/jierferslach oer 2005

Ynlieding

Yn it jierferslach fan 2004 wurdt in FFU-diskusjistik neamd oer 'De FFU en syn aktiviteiten yn de heine takomst' (2003). It FFU-bestjoer hat him dêr yn it ferslachjier 2005 tige foar ynset. It strjeben dat deryn neamd wurdt stiet noch rjocht oerein. Yn de rin fan 2005 hawwe wy ús aksjepunten noch skerper formulearre yn in tige koart 10-punteplan en in wiidweidige taljochting dêrop. Beide binne oan te klikken op ús *webstek (www.fryskebeweging.nl) → Feriening Frysk Underwiis (FFU) ûnder *Organisaasje*: 'Wat en wa binne wy?'. Wy noegje ús leden en oaren út om de ûnderskate websiden sa út en troch ris oan te klikken. Dat jout noch wiidweidiger as dit jierferslach in yn- en oersjoch fan ús krewearjen.

In webstek jout ús ek de mooglikheid om ûnderskate *ynkommen* en *útgjene* brieven of oare foar ús doel wichtige publikaasjes *yntegraal* op it ynternet te pleatsen. Jo bliuwe dan goed op 'e hichte. Jo kinne dêr yn de rin fan it jier op reagearje en ús faaks wol stypje. Wy dogge tige ús bêst, mar hawwe ek mar beskieden mooglikheden om druk te setten op wat der feroare en ferbettere wurde moat yn it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer.

A. Bestjoer

Yn 2005 is it bestjoer gelyk bleaun oan dat fan 2004. It bestiet út:

Th. Dykstra (foarsitter), S.T. Hiemstra (fise-foarsitter en skriuwer), R. Straatsma (ponghâlder), Th. van de Veen (1ste notulist gearkomsteferslaggen), Ed. Knotter (2de notulist gearkomsteferslaggen), G. Gerbrandy.

De taakferdieling wie frijwol gelyk oan dy fan 2004. Wy binne op 'e siik nei fersterking fan it bestjoer mei ien of twa striidbere, aktive minsken mei niget oan it twa- en trijetalige ûnderwiis yn Fryslân.

Yn 2005 kaam it bestjoer gear op 26 jan., 9 maart, 30 maart, 27 april, 25 maaie, 29 juny, 20 july, 14 sept., 12 okt., 23 nov. en 14 des. by de famylje Straatsma thús.

Dykstra en Van der Veen fertsjintwurdigje de FFU yn de *Ried fan de Fryske Beweging* (de lêste hat in skoft de Riedsstikken net hân en hat sadwaande de gearkomsten net besykje kind); Hiemstra nimt waar as Van der Veen of Dykstra net komme kinne. Dykstra sit foar de FFU yn it *Grut Oerlis Oer it Frysk* (GOOFY), in oerlis fan Frysksinige organisaasjes om inoar te fersterkjen en om ta gearwurking te kommen; Hiemstra is syn ferfanger (twadde man) as it nedich is. Gerbrandy fertsjintwurdiget ús yn de Nederlânske ôfdieling fan it EBLUL (European Bureau for Lesser Used Languages), de 'Nederlânske Kommissje Europeesk Buro Lytse Talen' (NK-EBLT).

B. Jiergearkomste

Op 2 febrewaris 2005 organisearre de FFU mei it *Pedagogysk Wurkferbân* en de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) in mienskiplike jiergearkomste, mei dêroan foarôfgeand de húshâldlike gearkomste, yn de 'kûle' fan de Bouhof. It tema fan de mienskiplike gearkomste (14.00 oere) is de frij negative útslach fan in Nipoenkête (nov. 2004) oer it trochjaan fan it Frysk oan de jongere generaasjes. In groepke jongelju fan beide hegeskoallen hie dêr in ûndersyk oer opset ûnder studinten en in programma taret mei de útslach dêrfan en in diskusje dêroer (û.l.f. Freark Smink), ôfwiksele mei muzikale bydragen.

Troch tentamenferplichtings (it wie in tentamenwike) wie it tal Pabû-studinten dat de gearkomste bywenje koe spitigernôch te lyts. By it mienskiplike part wiene 42 minsken oanwêzich.

It húshâldlik part, dat om 16.45 oere begûn, waard besocht troch 11 lju. De ûnwinsklikens fan it ôfswakjen fan de keardoelen en de needsaak om de kontrôle op it ûnderwiis yn it Frysk fan 'e grûn te krijen, wurdt sterk bepleite. De lykberjochting en lykwaardigens fan de keardoelen Frysk oan dy foar it Hollânsk moat oerein bliuwe. De FFU sil dat ferdigenje yn de Steatekommissje *Boarger & Mienskip* op 10 maart (ynsprekke). De FFU sil de kommissje dêr ek noch in brief oer stjoere (sjoch fierderop).

Hiemstra docht in oprop oan de leden om de FFU saken takomme te litten dy't in plakje fertsjinje yn it *Swartboek* (misstannen om it Frysk hinne, benammen yn it ûnderwiis) en it *Wytboek* (positive kasussen). Dy krije in plak op it FFU-webstek. As webmaster fan it webstek wurdt Sytze J. Hiemstra jr. beneamd tsjin in fergoeding fan it minimumoerlean.

De kaskommisje ûntlêstget Straatsma; de jildsaken binne ynoarder befûn. W. Grit (1ste kear) makket njonken J. Broelsma (2de kear) de nije kaskommisje út.

It folsleine ferslach fan de *mienskiplike* gearkomste en fan it *húshâldlik* part is op ús webstek te finen (**Ferslaggen bestjoersgearkomsten*).

C. Kontakten

**Oan te klikken op ús webstek*

1. Provinsje

- 10 maart: FFU-bestjoerslid Germ Gerbrandy sprekt yn by de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (Provinsjehûs) oer de needsaak om de lykweardigens en lykberjochting fan de keardoelen basisûnderwiis te hanthavenjen (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra, Straatsma).
- 23 maart: provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk* foar de ûntwikkeling fan testynstruminten foar de logopedy op it Provinsjehûs (Hiemstra).
- 15 juny: amtlik oerlis op it Provinsjehûs mei Th. Willemsen en frou A. de Jong (Dykstra, Hiemstra).
- 29 juny: provinsjale wurkgroep *Logopedy en Frysk* op it Provinsjehûs (Hiemstra).
- 21 sept.: Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (Hiemstra, Straatsma; ynsprekker: Tom Dykstra oer: 'Trije misferstannen oer keardoelen'; sjoch **brieven, útgien*, 21-09-2005).
- 2 nov.: amtlik oerlis op it Provinsjehûs mei Th. Willemsen oer it ûntwikkeljen fan in Fryske 'kanon'.
- 15 nov.: amtlik oerlis op it Provinsjehûs mei Th. Willemsen (Dykstra, Hiemstra).
- 24 nov.: oerlis mei de twa leden fan de PvdA-Steatefraksje: Hannah Ludwig en Thijs Vreekamp (Dykstra, Hiemstra, Knotter, Straatsma).

2. Organisaasjes

- 21 april: jiergearkomste fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (Hiemstra, Dykstra).
- 17 sept.: gearkomste *Ried fan de Fryske Beweging* oer de reorganisaasje fan de Ried (Hiemstra, Straatsma).
- 28 des.: krystkongres *Federaasje fan Fryske Studinteferienings* oer de útklaaide keardoelen (tema/debat oer: 'Leaver de juf út de klean as it Frysk útklaaid' (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra).

3. Persoanen

- 26 jann.: oerlis mei Jelmer van der Hem (studint) oer it Frysk yn it ûnderwiis.
- 30 maart: oerlis mei *Te Mâl* (Tsj. Kalsbeek en H. Wolf) oer it stypjen fan inoar (korrespondinsje útwikselje, inoar ynformearje, mienskiplike brieven ferstjoere, aksjes).
- april: kontakt (Hiemstra) mei Reitze Jonkman oer it opnimmen fan de FFU (doel, adres en e-postadres) yn it *bûsboekje 2006* ûnder *Fryske ferienings*. Dat is honoerarre (sjoch s. 146).
- 14 sept.: oerlis mei Roel van Dyk (Te Mâl), Jaap van der Bij en Renze Valk (Ried fan de Fryske Beweging) oer gearwurking en aksjes rjochting Steate- en Keamerleden.
- 1 des.: bywenjen promoasje fan Jaap van der Bij en Renze Valk en lokwinskjen te Amsterdam (Dykstra, Hiemstra).
- 10 des.: ôfsluting promoasje fan Van der Bij en Valk yn Ryptsjerk (Dystra, Gerbrandy, Hiemstra).
- 13/14 des.: kondolearjen en bywenjen ôfskiedstsjinst nei it ferstjerren fan Jehannes Ytsma (Hiemstra, Knotter).
- 14 des.: oerlis mei Jaap van der Bij en Renze Valk (Ried fan de Fryske Beweging) oer gearwurking en aksjes rjochting Steate- en Keamerleden.
- 15 des.: oerlis (Dykstra, Hiemstra) mei Pier Bergsma (Ped. Wurkferbân) oer de jiergearkomste op 1 febr. 2006 mei as tema de 'Fryske kanon'.
- 21 des.: oerlis (Dykstra, Hiemstra) mei Pier Bergsma (Ped. Wurkferbân) en Babs Gezelle Meerburg (VLLT, seksje Frysk) oer de mienskiplike jiergearkomste op 1 febr. 2006 mei as tema de 'Fryske kanon'.

4. Stúdzjedagen/konferinsjes/sympoasia

- 6 okt.: VLLT, konferinsjedei *fuortset* ûnderwiis (Ljouwert: Wyswert), *Fierder mei Frysk IV* (Dykstra, Hiemstra, Knotter).
- 19 okt.: konferinsjedei *basisûnderwiis* (Oranjewâld: Tjaarda), *Mear talen, mear takomst* (Dykstra, Hiemstra, Knotter).

- 18 nov.: miny-symposium ta gelegenheid fan it ôfskie fan Durk Gorter as foarsitter fan it *Berie foar it Frysk* en trije oaren. Underwerp: *‘Wêr wolle wy oer fiif jier mei it Frysk wêze? ‘En wat is helber en bestindich?’* op it Provinsjehûs (Hiemstra).

- 15 des.: 17de *Frysk filologekongres* fan de Fryske Akademy, programma-ûnderdiel ‘ûnderwiis’ (Dykstra, Hiemstra).

D. Brieven

Meast relevante brieven fan en foar de FFU

**Oan te klikken op ús webstek*

1. Provinsje

Utgien:

- 02-01-2005 - Us brief oan it *Konsultatyf Orgaan** oer it ‘Memorandum, 2004’ fan datselde Konsultatyf Orgaan. Wy bepleitsje om kêst 9 fan de *Wet op it primair onderwijs* sa te wizigjen dat der komt te stean: ‘Op de scholen in de provincie Fryslân wordt een aanzienlijk deel van het onderwijs gegeven in de Friese taal.’

- 13-01-2005 - Us brief mei ynformaasje foar de provinsjale Steatekommisje *Boarger & Mienskip** oangeande de behandeling fan de net spegele doelen yn it útstel ‘Herzienen doelstellingen Fries in het PO, dec. 2004’ mei in pleit foar *lykwaardige nije keardoelen Frysk yn it basisûnderwiis*.

- 23-02-2005 - Us brief oan *Deputearre en Provinsjale Steaten** oangeande it ministeriële útstel (OCW) foar nije keardoelen yn it ûnderwiis. Wy freegje oan de Fryske Steaten om net mei it útstel yn te stimmen en oan te stean op keardoelen dy’t rjocht dogge oan de lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk oan it Nederlânsk. Wy trúnje om de spiegeling oan de doelen foar Nederlânsk yn prinsipe oerein te hâlden.

- 24-02-2005 - Us brief oan *Provinsjale en Deputearre Steaten** oer it opsetten fan in *kultuerpedagogyke diskusje* (kpd) om te kommen ta in *Frysk-eigen ‘kanon’* yn it ûnderwiis as utering fan ús *kulturele identiteit*. As taheakke in *konsepteks** foar in ‘kanon’ fan de Fryske skiednis fan Kerst Huisman.

- 26-03-2005 - Us brief oan Provinsjale en Deputearre Steaten* oer de needsaak fan *ferplichte keardoelen* foar de Fryske taal en kultuer yn it spesjaal ûnderwiis dy’t *lykwaardich* binne oan dy foar de Nederlânske taal en kultuer. Wy steane oan op garânsjes dat it Frysk dêr in *fiks part* fan de tiid as fier- en ynstruksjetaal by oare fakken en leargebieten as it fak Frysk brûkt wurde sil. Dêrta sil de *Wet op de ekspertizesintra* (WEC) wizige wurde moatte.

- 16-04-2005 - Us brief oan Provinsjale en Deputearre Steaten* om harren derop te wizen dat allinnich it troch de wurkgroep *Herzienen doelstellingen Fries in het P.O. (2004)* optochte groeimodel as *middel* om it plak fan it Frysk yn it basisûnderwiis te ferbetterjen ‘realistysk’ neamd wurde mei. Differinsjaasje neffens begjinsituaasje (taalbehearsking) fan learlingen is in *middel* en *gjin doel*. Yn de keardoelen sels heart sa’n ûnderskied nêr makke te wurden. Dat wurdt ek net dien foar it fak Nederlânsk of foar in oar fak. In heech *ambysjenivo* is foar it Frysk likegoed op syn plak.

- 22-07-2005 - Us brief oan Provinsjale en Deputearre Steaten* oer it Frysk yn it *fuortset ûnderwiis* nei oanlieding fan it ferskinen fan it *Ramtlearplan Frysk yn it fuortset ûnderwiis 2005*. Wy meitsje in analyze fan it ramtlearplan (taheakke*) en jouwe op grûn dêrfan oan wat needsaaklik is om ta *lykweardigens* en *lykberjochting* te kommen yn it fmbû/vmbo, hafû/havo en twû/vwo.

- 23-07-2005 - Us brief oan Deputearre Steaten* oer de winsklikens om de Fryske oersetting fan de gearfettings fan de Europeeske grûnwet yn de provinsje hûs oan hûs te fersprieden (sjoch ek by *ynkommen* de reaksje fan de *Referendumcommissie**, 07-06-2005)

- 26-07-2005 - Us brief oan Deputearre Steaten* oer de needsaak fan Frysktalige of dûbeltalige buordsjes/opskriften/paadwizers yn û.o. skoallen en soarchynstellings. De Provinsje soe op dat mêd mear foech hawwe moatte.

-18/19-09-2005 - In koarte FFU-notysje* (18-09-2005) by it punt ‘Frysk yn it ûnderwiis. Keardoelen learwegen’ op de wurklist fan de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (21-09-2005). Wy hawwe *fiif* beswieren tsjin it ôfswakjen fan de keardoelen. Wy binne boppedat fan betinken dat de autonomy fan de skoallen de emansipaasje fan it ûnderwiis yn it Frysk yn ‘e wei stiet.

- 21-09-2005 - Ynsprekbydrage fan de FFU* foar de ynhâldlike diskusje yn de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* (Provinsjehûs, 21-09-2005) oer de provinsjale notysje 'Frysk yn it ûnderwiis. Kearndoelen en Learwegen', útsprutsen troch ús foarsitter, Tom Dykstra. Op 'e wurklist fan de Steatekommisje stiene stikken dy't te krijen hiene mei in eardere notysje 'Herziening Doelstellingen Fries in het primair onderwijs'. Wy bringe trije misferstannen oer kearndoelen op it aljemint, û.o. oer de ferplichtings foar it learstofaombod fan de skoallen en de *easken* dy't oan de *learlingen* steld wurde kinne.

Ynkommen:

- 08-08-2005 - Antwurd fan Deputearre Steaten * (ûndertekening drs. M.B. Stuijt, ôfdielingshaad a/y Kultuer, Taal en Underwiis) op twa FFU-brieven* (fan 23-07-2005 en 26-07-2005) oer:
(1) it fersprieden fan de Frysktalige gearfetting fan de Europeeske Grûnwet. DS diele mei dat de lanlike Referindumkommisje in provinsjaal subsydzjefersyk ta in rommere fersprieding wegere hat (sjoch ek ûnder *Swartboek 2005* oer dy kwestje); (2) it Frysk op buordsjes, paadwizers en opskriften yn û.o. ûnderwiis- en soarchynstellingen. Deputearre Steaten diele mei dat se ús brief foarlizze sille oan de stjoergroepen *gemeenten* en *ûnderwiis* en oan de Afûk-projektkoördinator op it mêd fan de soarch.

- 21-09-2005 - *Trije fragen* fan de provinsjale CDA-fraksje oan Deputearre Steaten (DS) oer de ûntwikkeling fan in Fryske-eigen 'kanon' foar it ûnderwiis en de *antwurden fan DS* op dy fragen*. It Kolleezje fan DS wol sels net opdracht jaan ta it gearstallen fan in eigen Fryske kanon en tinkt dat de romte wol fûn wurde kin yn de 'Nederlandse Canon', dy't gearstald wurde sil troch in komisje ûnder lieding fan prof. dr. F.P. van Oostrom en foar 1 sept. 2006 ree wêze moat.

Wy tinke dat dy romte der net of amper wêze sil (sjoch by 'útgien' ek ús brief* fan 24-02-2005) oer de neffens ús winsklike proseduere om ta Fryskeigen ynhâlden yn it ûnderwiis te kommen en it artikel fan Hiemstra oer de 'Oerdracht fan de Fryske taal en kultuer'* (oan te klikken ûnder *Skriuwerskip*).

2. Ryk

Utgien:

- 15-03-2005 - Us brief oan it OCW* oer (1) de needsaak fan in ferplichting fan it Frysk as fier- en ynstruksjetaal yn de *Wet op it primêr ûnderwiis* en de *Wet op de ekspertizesintra*; (2) it hanthavenjen fan de *lykweardigens* fan de kearndoelen Frysk oan dy fan Nederlânsk.

- 22-06-2005 - Us brief oan OCW* dat fannijs (sjoch ek by ynkommen, 02-05-2005*) oanstiet op:
(1) in *wetlike ferplichting* fan it Frysk as *ynstruksjetaal* yn de *Wet op it primêr ûnderwiis* en de *Wet op de ekspertizesintra*; (2) *lykweardichheid* en *lykberjochting* fan de Fryske taal en kultuer op it stik fan de kearndoelen.

- 07-12-2005 - Brief fan de FFU, it *Pedagogysk Wurkferbân* en de *seksje Frysk* fan de VLLT* oer it ûntwikkeljen fan in lanlike en provinsjale kanon foar de Fryske taal en kultuer (mei twa bylagen: I. Frysk taalbelied, wetten en regelings; II. in artikel fan Hiemstra oer 'De oerdracht fan de Fryske taal en kultuer' en III. in koarte Hollânsktalige gearfetting* fan Huisman syn konsept foar in kanon foar de Fryske skiednis) foar de lanlike *Commissie Canon* (Trippenhuys, Amsterdam) mei dêryn in útnoeging om mei in delegaasje op ús jiergearkomste (1 febr. 2006) yn Ljouwert (It Aljemint) te kommen. Dy gearkomste hat de Fryske kanon as sintraal tema.

- 24-12-2005 - Ynformaasjestik fan de FFU en de RfdFB* foar Keamerleden mei in arguminten foar de needsaak om fêst te hâlden oan spegele kearndoelen foar it Frysk.

Ynkommen:

- 21-02-2005 - Ofwizend antwurd fan OCW* (minister Van der Hoeven) op ús brief* (02-01-2005) om yn de ûnderwiiswetten op te nimmen dat 'een aanmerkelijk deel' fan it ûnderwiis yn de Fryske taal oanbean wurde moat.

- 29-04-2005 - Antwurd fan de *fêste Keamerkommisje foar OCW** op in ôfskrift fan ús brief* oan Deputearre en Provinsjale Steaten (26-03-2005) oer de needsaaklike lykweardigens fan de kearndoelen Frysk en it Frysk as ynstruksjetaal yn it spesjaal ûnderwiis (WEC-skoallen). De komisje skriuwt ús: 'De vaste commissie voor Onderwijs, Cultuur en Wetenschap heeft tijdens de procedurevergadering van 14 april jl. besloten uw brief te betrekken bij het te zijner tijd te ontvangen nadere informatie inzake kerndoelen voor het speciaal onderwijs.'

- 02-05-2005 - Antwurd fan OCW* (minister Van der Hoeven) op ús brief* (*útgien*, 15-03-2005) oer de needsaak fan it Frysk as ferplichte ynstruksjetaal en de spegeling fan de keardoelen. De minister ferwiist nei har ôfspraken mei it provinsjebestjoer en liket net foar rede fetber.

- 08-08-2005 - Antwurd fan OCW* (minister Van der Hoeven) op ús brief* (*útgien*, 22-06-2005) oer de needsaak ta wetlike ferankering fan it Frysk as fier- en ynstruksjetaal op de skoallen yn Fryslân en de lykweardigens fan de keardoelen foar de Fryske taal oan dy fan de Nederlânske taal. De reaksje fan de minister is wer tige teloarstellend. Se hâldt fêst oan har eardere ôfwizings* (fan 21-02-2005 en 02-05-2005). Wy moatte ús neffens har ta de Provinsje rjochtsje.

3. *Skoallen en oare organisaasjes*

Utgien :

- 13-01-2005 - Us brief (Straatsma) oan frou G. Durkstra, lid fan it *Konsultatyf Orgaan*, oer in petear dat dit orgaan hawwe sil mei Twadde Keamerleden oer it *Europeesk Hânfest*. De FFU stiet der op oan om oan de lykweardigens en lykberjochting fan de keardoelen fêst te hâlden.

- 26-05-2005 - Us brief oan de *Referendumkommisje** (sjoch ûnder *Swartboek 2005*) mei de fraach wêrom't de *Frysktalige* gearfetting fan it '*Verdrag tot vaststelling van een Grondwet voor Europa*' yn Fryslân net besoarge is by de kiezers.

- 21-07-2005 - Us brief (Dykstra) oan it *Platfoarm Lêsbefoarderding Taalryk Fryslân* (PLTF) (Eekma) en de *Fryske Akademy* (Ytsma) dêr't wy ús teloarstelling yn útsprekke oer it troch it PLTF ôfwizen fan it ûndersykútstel fan de FFU en de FA 'Leesdidactiek en leesbevordering van minderheidstalen, inzonderheid het Fries', omdat it neffens it PLTF benammen om lêsdidaktyk gean soe en dêr soe it Platfoarm net foar oprjochte wêze. Wy neame de ôfwizing en de argumintaasje in 'beskamsume fertoaning', benammen om't guon PLTF-leden folslein partisipearre hiene yn it betinken fan it ûndersyksútstel en de *Stichting Lezen* ree wie en draach €5000 by. En ek omdat it ûndersyk wol deeglik in lêsbefoarderjende kant hie. In nij PLTF-útstel, in ferlykjend ûndersyk nei it lêsgedrach fan basisskoallearlingen, om nei te gean oft de nije Fryske taal-lêsmetoad *Studio F* mear lêsbefoarderjend is as in oanpak sûnder *Studio F*, hat neffens ús likegoed in didaktyske kant. Dêr hat de FFU sadwaande ek gjin problemen mei en it PLTF ynienen ek net mear. De FFU is lykwols ree om yn gearwurking mei Ytsma te kommen ta in nij útstel foar in ûndersyk nei de lêsbefoarderjende aspekten fan *Studio F*.

- 24-07-2005 - Brief fan Germ Gerbrandy oan direkteur Dietha Krol fan de *Máximaschool** oer it lytse bytsje Frysk (minder as in heal oere wyks, 'Kijken naar Friese tv'; sjoch '*Skoalle, Frysk tematydkrift*', nû. 11, maaie 2005, s. 17) dat op dy Ljouwerter skoalle jûn wurdt, ek oan Frysktaligen. De skoalle hâldt him lang net oan de *keardoelen foar Frysk* en it *Europeesk Hânfest foar minderheidstalen* in differinsjearret net neffens taalbehearsking fan learlingen. Gerbrandy biedt syn help oan om dy situaasje te ferbetterjen, mar dy wurdt wegere (*ynkommen*, 07-11-2005).

- 20-09-2005 - Us brief oan M. de Bruijn*, direkteur fan de Kristlike Basisskoalle 'By de Boarne' yn Boarnburgum, dy't yn *Trouw* (22-06-2005) seit: 'Sommige kinderen spreken alleen maar Fries als ze op school komen en hebben meteen een achterstand in ontwikkeling.' Wy hawwe argewaasje fan sokke útspraken en opfettings en hawwe besocht om út te lizzen dat dy nochal diskriminearjend binne en wize op in tinkflater.

- 25-11-2005 - Us brief oan de pabû-direksje fan de CHN* oer it taalgebrûk op in mentoaregarkomste (4 okt. 2005). De gearkomste krige in Hollânsktalich karakter doe't in staażekoördinator iensidich besleat om it Nederlânsk foar kar te nimmen boppe it Frysk, omdat in tal (twaddejers) pabû-studenten gjin Frysk ferstean kinne soe. De taalhâlding fan de staażekoördinator hâldt (bewust of net) foar de oanwêzigen, wêrûnder student dy't mooglik studearje foar it foech Frysk, it sinjaal yn dat *op de CHN it Hollânsk brûkt wurdt en de twaddejers it rjocht hawwe om te beskieden hokfoar taal oft de oanwêzigen brûkte moatte*. Om dy reden stelle wy twa fragen: (1) oft de direksje mei ús fan betinken is, dat sa'n oplossing der net op troch kin; (2) hokfoar belied oft de direksje foar eagen stiet om alle student in *goede taalhâlding* by de bringen, keppele oan foldwaande kennis en feardichheden om goed funksjonearje te kinnen yn in twatalige setting.

- 14-12-2005 - Twadde brief fan Germ Gerbrandy oan de Ljouwerter Máximaschool*. Gerbrandy kritisearret de opfetting fan de direksje fan dy skoalle dat se amper wat dwaan hoege oan it ûnderwiis yn it Frysk. Hy jout oan dat it lêste wurd dêr noch net oer sein is (sjoch boppe ek syn brief fan 24-07-2005 en de reaksje oer de e-post fan de skoalle op 07-11-2005*).

Ynkommen:

- 13-01-2005 - Reaksje fan Omrop Fryslân* op ús brief* (sjoch 'brieven 2004') oangeande de kwaliteit fan it mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk by de omrop en it foarbyld dat derfan útgiet, ek nei bern en folwoeksenen dy't Frysk leare.

- 07-06-2005 - Reaksje fan de Referendumkommisje* op ús brief* fan 26-05-2005 (sjoch ûnder *Swartboek 2005*) mei de fraach wêrom't de Frysktalige gearfetting fan it 'Verdrag tot vaststelling van een Grondwet voor Europa' yn Fryslân net besoarge is by de kiezers.

- 23-09-2005 - Reaksje fan dhr. De Bruijn*, direkteur fan de kristlike basisskoalle *By de Boarne* te Boarnburgum, op ús brief* (*útgien*, 20-09-2005) oan him oer syn útspraken yn *Trouw* oer it Frysk as in *úntwikkelingsefterstân*.

- 07-11-2005 - Reaksje (mail) fan de direkteur fan de Máximaschool op in brief fan Gerbrandy (*útgien*, 24-07-2005*) oer it bytsje Frysk dat dêr jûn wurdt. Se dielt him mei: "Wij hebben, in overleg en met toestemming van de inspecteur van het onderwijs, gekozen voor 'het laten kennismaken' met het vak Fries. Dit willen we in de loop der jaren uitbouwen naar een zekere luistervaardigheid. [...] Wij [achten] de tijd nu nog niet rijp om extra's voor het vak Fries te doen." De FFU tinkt dat dy tiid der juster al wêze moatten hie en giet nei oft soks samar kin.

- 24-11-2005 - Reaksje (mail) fan de *Fryske Akademy* (Jeh. Ytsma) op it oerlis dat Ytsma mei de *Stichting Lezen* hân hat. De FA sil komme mei in útwurking fan in ûndersyk nei de lêsbefoarderderjende wurking fan *Studio F* yn relaasje ta de begelieding dy't skoallen krije by de ymplementaasje fan *Studio F*. It *Platfoarm Lêsbefoarding Taalryk Fryslân* (PLTF) is akkoart gien en de *Stichting Lezen* en de Provinsje wolle it stypje.

- 13-12-2005 - Reaksje (brief) fan Folkert Sonsma, direkteur learareoplieding CHN*, op ús brief fan 25-11-2005 (sjoch by *útgien**). Sonsma skriuwt oer it taalbelied fan de CHN dat foar de earste perioade fan de studinten in taalmodule ûntwikkele wurdt 'mei as doel, dat in pabû-studint fan it begjin fan syn/har stúdzje yn elts gefal Frysk ferstiet. Dêrby wol ik opmerke dat it in lestige ôfwaging is it ferplicht te stellen om't wy ek studinten út Noard-Hollân en de Iselmarpolders opliede dy't letter yn de praktyk net mear mei Frysk fan dwaan hawwe'.

E. Publisiteit

* *Oan te klikken op ús webstek; LC = Leeuwarder Courant; FD = Friesch Dagblad*

- 03-02-2005 - *LC*; krantestikje ûnder kop "Behalve kritiek ook steun voor 'nij Frysk'", nei oanlieding fan de jiergearkomste fan de FFU.
- 04-02-2005 - *LC*; kommentaar fan Pieter de Groot (**Aktueel*) op it útstel foar de nije keardoelen Frysk yn it basisûnderwiis.
- 23-02-2005 - *FD*; artikel fan Tom Dykstra en Rindert Straatsma (FFU) (**Aktueel*) mei de kop "Einde aan 'half analfabetisme'. Fries moet net zo serieus worden genomen als Nederlands". Se skriuwe dat it fan grut belang is dat de provinsje Fryslân fêsthâldt oan de *lykberjochting* en *lykweardigens* fan it Frysk en it Nederlânsk en dus oan *deselde* keardoelen foar Frysk en Nederlânsk. It artikel is frijwol yntegraal oernommen troch it *FD*.
- 24-02-2005 - *LC*; krantestikje ûnder de kop 'Fries wordt tweederangstaal'. Artikeltsje nei oanlieding fan ús brief fan oan Deputearre en Provinsjale Steaten om de spiegeling fan de Fryske keardoelen net los te litten (**brieven*, *útgien*, 23-02-2005).
- 25-02-2005 - *LC*; krantestikje ûnder de kop "Meer aandacht nodig voor 'skiednis Fryslân'", nei oanlieding fan ús brief oan Provinsjale en Deputearre Steaten oer de needsaak om in Fryskeigen kanon foar it ûnderwiis te ûntwikkeljen (**brieven*, *útgien*, 24-02-2005).
- 26-02-2005 - *FD*; krantestikje ûnder de kop 'Friese geschiedenis in nationaal lesprogramma', nei oanlieding fan ús brief oan Provinsjale en Deputearre Steaten oer de needsaak om in Fryskeigen kanon foar it ûnderwiis te ûntwikkeljen (**brieven*, *útgien*, 24-02-2005).
- maart 2005 - *De Pompeblêden* (nû. 1, s. 19); in artikel fan Rindert Straatsma oer it 'Frysk by Omrop Fryslân' (rubryk: 'Op it aljemint').
- 08-03-2005 - *LC*; artikel (*Te Gast*) fan Tom Dykstra en Rindert Straatsma (FFU). Se bepleitsje ûnder de kop 'Lykberjochting foar Frysk ek op skoalle' (**Aktueel*) de needsaak om fêst te hâlden oan de prinsipen fan *lykberjochting* en *lykweardigens* by de formulearring fan de keardoelen Frysk foar it ûnderwiis. It artikel is frijwat ynkoarte oernommen troch de *LC*.
- 11-03-2005 - *LC*; krantestikje ûnder de titel 'Nog geen vrijheid school in Friestalig onderwijs'. FFU-bestjoerslid Germ Gerbrandy hie in dei earder by de Steatekommisje *Boarger en Mienskip* (10-03-2005) ynsprutsen oer de needsaak om de

lykweardigens en lykberjochting fan de keardoelen basisûnderwiis te hanthavenjen. Gerbrandy neamde it loslitten derfan neffens de krante 'in politike blunder'.

- 07-04-2005 - *FD*; reaksje fan de histoarikus Douwe Kooistra op de skiednis-kanon fan Kerst Huisman (dy *kanon* is de finen ûnder **brieven, útgien*, 24-02-2005).

- 19-04-2005 - *FD*; reaksje fan histoarikus Kerst Huisman (**Aktueel*) op it artikel fan Kooistra, ûnder de kop 'Canon wil geen slachtofferschap, maar staatskritiek. De eenheidsstaat is niet heilig.'

- 26-04-2005 - *LC*; ynstjoerd stik fan Rindert Straatsma (**Poadium*) mei as kop 'De gefolgen oersjen' - as reaksje op in *Te Gast* (14-04-2005) fan Jelle Bangma (Cedin) - oer de needsaak fan it oereinhâlden fan de lykweardigens en lykberjochting fan de keardoelen.

- 22-06-2005 - *FD*; artikel fan Rindert Straatsma (**Poadium*) ûnder de kop 'Alleen gelijkschakeling redt de Friese taal'. Yn it stik kritisearret Straatsma de opfetting fan it Twadde Keamerlid Roland Kortenhorst oer de saneamde 'natuerlike' ûntjouwing fan it Frysk en bepleitet er de needsaak om de folsleine twataligens yn it ûnderwiis nei te stribjen.

- 22-07-2005 - *LC*; krantestikje ûnder de kop 'Lesplan Fries van provincie veel te mager' (**Poadium*) oer ús brief oan Deputearre en Provinsjale Steaten oer it *Ramtlearplan 2005* foar it fuortset ûnderwiis, dat neffens ús net de prinsipen fan de lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk yn it fuortset ûnderwiis wjerspegelet (sjoch by **brieven, útgien* 2005).

- 16-09-2005 - *LC*; artikel fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Húswurk foar steateleden' ('Dwers'; **Poadium*) oer differinsjaasje yn it lesprogramma Frysk en de striid tusken de 'pragmatisten' en 'idealisten' oer de formulearring fan de nije keardoelen Frysk. De Groot ferwiist nei in bydrage fan Tom Dykstra (FFU) mei de kop 'Nuodlik Frysk ûnderwiisbeleid' yn *Swingel*, it blêd fan de *Ried fan de Fryske Beweging*.

- 24-09-2005 - *LC*; ynstjoerd stikje fan Rindert Straatsma mei de kop 'Kearndoelen' as reaksje op in 'Dwers' fan Pieter de Groot mei de kop 'Húswurk foar steateleden' (*LC*, 16-09-2005) (**Poadium*).

- 28-11-2005 - *LC*; Sytze Hiemstra skriuwt ûnder de kop 'Mear eigenwearde en minder foaroardiel' in *Te Gast* oer twa tsjinstridige opfettings fan 'saakkundigen' op it mêd fan streektalen oer it plak fan it Frysk yn de skoalle. It oarspronklike stik stiet ûnder **Poadium* (07-11-2005). De troch de *LC* *ynkoarte en wat feroare ferzje is dêr ek oan te klikken.

- 03-12-2005 - *LC*; op 14-11-2005 hat der in fraachpetear fan Maria Del Grosso (*LC*) west mei de FFU (Dykstra, Gerbrandy, Hiemstra), dat (mei foto) in plak krige hat yn de krante fan sneon, 3 desimber 2005 ('Sneon en Snein', s. 10), mei as kop 'Feriening Frysk Underwiis laat tanden zien' (**Poadium*).

- *Swingel* (nû. 12-2005, s. 2-6); Tom Dykstra skriuwt ûnder de kop 'Nuodlik Frysk ûnderwiisbelied' oer de needsaak om de lykweardigens fan de keardoelen Frysk oan dy foar it Hollânsk te hanthavenjen.

- *Swingel* (nû. 12-2005, s. 9-10); Rindert Straatsma kritisearret ûnder de kop 'Natuerlike ûntjouwing?' de opfetting fan it Twadde-Keamerlid Roland Kortenhorst dat it Frysk op natuerlike wize stânhâlde moat en sûnder yngripen fan boppen ôf folslein natuerlik en harmoansyk himsels wêze kin (*LC*, 16-04-2005).

- 09-12-2005 - *LC*; krantestikje ûnder de kop 'Historie Friesland moet in canon' (**Aktueel*).

- 10-12-2005 - *FD*; krantestikje ûnder de kop 'Friese organisaties niet gerust op positie Fries in canon' (**Poadium*).

- 17-12-2005 - *het Onderwijsblad* (fan de *Algemene Onderwijsbond*, AOb); ynstjoerde reaksje fan Rindert Straatsma (**Poadium*) op in artikel fan L. Douma mei de kop 'Streektaal'. Douma jout ôf op it Frysk en sitearret twa lju dy't oantsjut wurde as 'expert' en dy't it fierlich brûken fan it Frysk yn it ûnderwiis in 'kwalityke zaak' achtsje (sjoch ek **Poadium*, 07-11-2005, 'Leerlingen die op school Fries moeten leren, maar thuis nooit Fries spreken, krijgen onnodige ballast mee').

- *De Pompeblêden*, des. 2005, nû. 5; Rindert Straatsma kritisearret yn in ynstjoerd stik foar de rubryk 'Op it aljemint' ûnder de kop 'De ferplichting moat hanthavene wurde' de opfettings fan Jelle Bangma (koördinator *Taalsintrum Frysk*) oer û.o. de skea dy't lykweardige keardoelen foar it Frysk oanrjochte hawwe soene. Bangma hie dat nei foaren brocht by de steatekommisje *Boarger en Mienskip* (21-09-2005) (**Poadium*, des. 2005)

- *Lyts Frisia*, des. 2005, nû. 4; J. Rinzema pleitet der ûnder de kop 'In Eigen Fryske Canon' foar dat de FFU of de Bewegingsrie it inisjatyf nimt ta it opstellen fan in eigen Fryske kanon (**Poadium*, des. 2005).

- 23-12-2005 - *LC*; 'Dwers' fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Alde fjoer Lyts Frisia dôvet stadich' mei û.o. in reaksje op Rinzema syn stik yn *Lyts Frisia* (2005, nû. 4; sjoch hjirboppe). De Groot seit dat de FFU al op 7 des. 2005 (**Brieven* 2005, útgien) in wiidweidich brief skreaun hat oan de 'Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon' en dat Rinzema op syn winken betsjinne is.

- 27-12-2005 - *LC*; 'Harje' fan Pieter de Groot ûnder de kop 'Better juf út 'e klean as it Frysk útklaaid' (**Poadium*).

F. Argyf

Yn it ferslachjier is it argyf materiaal út de tiid fan Van der Hoef en Straatsma nei Thys van der Veen gongen. Dy sil it oanleverje oan *Tresoar* neffens de regels fan de argyfûntsluting. Bytsje by stikje wurket Van der Veen deroan. Hy sil it oanbiede sadree't it klear is. Troch it bestjoer moat noch bepraat wurde wat de betingsten foar treden binne om it argyf ynnsjen te meien.

G. Wyt- en Swartboek

Yn it ferslachjier binne der ferskillende kasussen op ús webstek pleatst. Wy roppe ús leden op ús gefallen te melden (ffupost@hotmail.com), leafst krekt omskreaun.

H. Us webstek

Mei in ienfâldige opset fan ús webstek is in start makke op 1 jannewaris 2005. Sytze T. Hiemstra sr. sammelet ûnderskate saken op it mêd fan ûnderwiis en Fryske taal en kultuer dy't dêr in plakje krije kinne en Sytze Jeh. Hiemstra jr. soarget der as webmaster foar dat dy der sa gau mooglik opset wurde. Troch de koarte linen en sibskip rint dat as it spoar. Op 01-06-2005 hie de FFU 738 'pageviews' en op 31-12-2005 mear as it dûbelde: 1691. De drokste dei wie 28 maaie 2005 (32 besiten/'pageviews'). De measte besikers komme oant no ta út Nederlân (96%), 1,5% út Amearika (FS), 0,7% út Dútslân, de rest út sân oare lannen. De (gratis) romte (10 MB) dy't wy oant no ta op it net ta ús foldwaan hiene, is ûnderwilens oprûkt. Yn it nije jier nimme wy in abonnemint (50 MB) en krije wy in eigen domeinnamme. Wy sille besykje om mear minsken en organisaasjes mei ús wurk yn 'e kunde komme te litten troch it ynternet, bgl. troch nei ús webstek te ferwizen yn artikeltsjes en troch mear persoanlike kontakten. Wy noegje ús leden ek út om ús webstek geregeld oan te klikken en/of dêrnei te ferwizen en om ús opfettings in rommere fersprieding te jaan.

H. Weromsjen en foarútsjoch

Yn it ôfrûne jier hat der geregeld kontakt mei de provinsje west. Wy krije it gefoel dat de provinsje wol op in aktivere rol op it mêd fan it ûnderwiis ta wol. It sil dan saak wêze om it Ryk te bewegen mear foech en jild oan Ljouwert oer te dragen.

It is spitich en ek prinsipeel ferkeard dat deputearre Mulder op grûn fan klachten út de 'skoalpraktyk' wei tajoech oan it loslitten fan de oan it Hollânsk spegele en nei ûnderen bystelde keardoelen Frysk yn it primêr ûnderwiis. De nedige differinsjaasje yn de útfiering makket sa fan it Frysk in twadderangstaal yn eigen taalgebiet. Skoallen sille net mear oan it Frysk dwaan as it ambysjenivo nei ûnderen bysteld wurdt. De útspraak fan de Steaten dat de lykweardichheid fan it Frysk oan it Hollânsk net loslitten wurdt, is sadwaande op dit stuit dan ek net mear as in slach yn de loft.

Takom jier sil ús aksje him benammen rjochtsje moatte op politisy fan Provinsje en Ryk om safolle mooglik it prinsipe fan *lykweardigens* en *lykberjochting* oerein te hâlden. Wy sille der op oanstean om de ûnderwiiswetjouwing oan te passen oan wat der stiet yn it *Hânfêst foar minderheidstalen*. Spesifyk sille wy omtinken hawwe foar ûnderwiis en identiteitsûntwikkeling yn it ramt fan de saneamde kanondiskusje oer de Frysk-eigen ynhâlden fan it ûnderwiis. Dy noch te beskriuwen ynhâlden sille in foarnaam plak krije moatte op de Fryske skoallen.

I. Wat wolle wy?

Wat wy neistribje, komt koartsein (in wiidweidige ferzje is op ús webstek te finen ûnder '*Organisaasje*') del op:

1. *Ferplichte* Frysk yn de foarskoalske opfang. Frysktalige bern hearre yn Fryslân yn it Frysk opheind te wurden. Der binne oare mindertallegebieten, dêr't soks al hiel normaal is (bgl. Wales).
2. *Lykweardige* keardoelen foar de *Fryske taal en kultuer* yn it basis-, fuortset en spesjaal ûnderwiis.
3. In *fiks part* fan de oare fakken of leargebieten moat yn it basis-, fuortset en spesjaal ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde.
4. It Frysk heart in *ferplichte eksamenfak* yn it *fuortset* ûnderwiis te wurden.
5. De *provinsje Fryslân* moat de sizzenskip krije oer alle Fryskeigen *learynhâlden*.
6. It Frysk moat in *funksje-eask* wurde yn it basisûnderwiis en de foarskoalske perioade (*Wet Kinderopvang*). *Ferplichte neiskoalling* foar *learkrêften* en *liedsters*. Alle *ynspekteurs* dy't Fryslân as wurkgebiet hawwe, moatte *Fryskkundich* wurde op in goed nivo.
7. It mûnling en skriftlik brûken fan it Frysk yn it *beropsûnderwiis* troch learlingen/studinten en learaars/dosinten heart in *rjocht* te wurden en gjin *geunst*.
8. It Frysk heart foar in *fiks part* funksjoneel binnen de eigen *organisaasje* fan de skoalle en yn de kontakten mei oaren yn de provinsje mûnling en skriftlik brûkt te wurden. Dat moat in bekostigings- of subsidzjebetingst wurde. Buordsjes, paadwizers en opskriften yn de skoallen: Frysk- of dûbeltalich.
9. *Migranten* dy't in permaninte ferbliuwsfergunning hawwe wolle en yn Fryslân wenje en wurkje wolle, moatte it Frysk op syn minst *ferstean* en *lêzen* leare.
10. *Skoalbegelieders* dy't yn Fryslân wenje en wurkje, moatte it Frysk op in ridlik nivo ek prate en skriuwe kinne.

Meie wy by ús stribjen op jimme stipe rekkenje!

It bestjoer